

## PARSEBERJOCHT

6 april 2021

### Fryslân DOK: ‘Go North, young man!’

**Hoe kinne jongeren har ynsette foar de ûntwikkeling fan it plattelân? En hoe hâlde ambisjeuze jongeren yn Fryslân perspektyf op in goede baan en in goed thús, sadat se net nei de Rânestêd hoege te ferhúzjen? De Fryslân DOK ‘Go North, young man!’ is te sjen op 10 april by NPO2 en op 11 april by Omrop Fryslân.**

De titel fan dizze Fryslân DOK is ynspirearre op de jonge helden dy’t it westen fan Amearika ûntdekke soene. ‘Go West, young man!’ In útdrukking út in oare tiid. Mar ek foar Fryske jongeren lei de takomst lang yn it westen fan it lân. Ast jong bist en do wolst wat, moatst foaral nét op it Fryske plattelân hingjen bliuwe. Hop, de Ofslútdyk oer – dêr lizze de kânsen, dat is de takomst. Wat achterbliuwt binne ‘de bliuwers’. Gjin kwalifikaasje dêr’t de ambysje ôf spat. Der falle wurden as ‘braindrain’ en ‘leechrin’. Hoe hâlde wy talintfolle jongeren yn Fryslân?

#### Beklimmers

Yn de searje ‘Beklimmers fan it flakke lân’ siket Fryslân DOK nei inisjativen op lokaal, lytsskalich nivo, mar betocht op basis fan grutte ideeën en idealen. Nei ôfleveringen oer lânskip, natoer, lânbou, sûnens, en it doarp fan de takomst steane yn diel seis de jongeren sintraal. Neffens Jouke de Vries, bestjoersfoarsitter fan de Ryksuniversiteit Grins, kinne júst jongeren bouwe oan fernijing en kinne se de regio ûntwikkelje.

#### Hightech

Yn 1950 kaam Philips nei Drachten en brocht in soad wurkgelegenheid mei him mei. De multynasjonale ûndernimming is no diel fan it ICD, it Innovatiecluster Drachten, dat bestiet út 24 hightechbedriuwen út Noard-Nederlân.

Sa’n bedriuw is ZiuZ fan de Gordyk. Eigener Gerrit Baarda studearre en wurke earst yn it Westen, mar kaam werom nei Fryslân en begûn in bedriuw yn fideo-werkenning. It bout software foar de plysje en ûntwikkelet medyske apparatuer foar sikehuzen.

It famyljebedriuw Ventura Systems yn Boalsert makket busdoarren, hat 200 man personeel, en klanten yn mear as 40 lannen. Eigener Bas de Nooijer hat ferlet fan tûke jongeren en tinkt dat de ‘maakindustrie’ wer hielendal weromkomt fan de legeanelannen.

Jelte Steur út Tsjerkwert is ôfstudearre yn Delft as yndustrieel ûntwerper en wurke by Philips yn Amearika. Mar hy woe syn bern yn Fryslân opgroeie litte. Hy betocht en ûntwikkele in handige beker om út te iten en besiket no syn ‘Riser’ suksesfol yn de merk te setten.

#### Fryslân DOK: ‘Beklimmers fan it flakke lân’ diel 6: Go North, young man!

Sneon 10 april, 15.30 oere, NPO2 (werhelling 11 april 13.10 oere)

Snein 11 april, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren)

*Fryslân DOK wurdt Nederlânsk ûndertitele*

---

#### Noat foar de redaksje

Boarnefermelding ôfbyldingen: Omrop Fryslân

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Publyk fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

## PERSBERICHT

6 april 2021

# Fryslân DOK 'Go North, young man!'

**Hoe kunnen jongeren zich inzetten voor de ontwikkeling van het platteland? En hoe houden ambitieuze jongeren in Friesland perspectief op een goede baan en een goed thuis, zodat ze niet naar de Randstad hoeven te verhuizen? De Fryslân DOK 'Go North, young man!' is te zien op 10 april bij NPO2 en op 11 april bij Omrop Fryslân.**

De titel van deze Fryslân DOK is geïnspireerd op de jonge helden die het westen van Amerika gingen ontdekken: 'Go West, young man!' Een uitdrukking uit een andere tijd. Maar ook voor Friese jongeren lag de toekomst lang in het westen des lands. Als je jong bent en je wilt wat, moet je vooral níét op het Friese platteland blijven hangen. Hop, de Afsluitdijk over - dáár liggen de kansen, dat is de toekomst. Wat achterblijft zijn 'de blijvers'. Geen kwalificatie waar de ambitie vanaf spat. Er vallen woorden als 'braindrain' en 'leegloop'. Hoe houden we talentvolle jongeren in Friesland?

### Beklimmers

In de serie 'Beklimmers van het vlakke land' gaat Fryslân DOK op zoek naar initiatieven op lokaal, kleinschalig niveau, maar bedacht vanuit grote ideeën en idealen. Na afleveringen over landschap, natuur, landbouw, gezondheid en 'het dorp van de toekomst', staan in deel zes de jongeren centraal. Volgens Jouke de Vries, bestuursvoorzitter van de Rijksuniversiteit Groningen, kunnen juist jongeren bouwen aan vernieuwing en kunnen ze de regio ontwikkelen.

### Hightech

In 1950 kwam Philips naar Drachten en bracht veel werkgelegenheid met zich mee. De multinational is nu onderdeel van het ICD, het Innovatiecluster Drachten, dat bestaat uit 24 hightechbedrijven uit Noord-Nederland. Zo'n onderneming is ZiuZ uit Gorredijk. Eigenaar Gerrit Baarda studeerde en werkte eerst in het Westen, maar kwam terug naar Fryslân en begon een bedrijf in videoherkenning. Het bouwt software voor de politie en ontwikkelt medische apparatuur voor ziekenhuizen. Het familiebedrijf Ventura Systems in Bolsward maakt busdeuren, heeft 200 man personeel, en klanten in meer dan 40 landen. Eigenaar Bas de Nooijer heeft behoefte aan slimme jongeren en denkt dat de 'maakindustrie' weer helemaal terugkomt van de lagelonenlanden. Jelte Steur uit het Friese dorpje Tjerkwerd is afgestudeerd in Delft als industrieel ontwerper en werkte bij Philips in Amerika. Maar hij wilde zijn kinderen in Friesland laten opgroeien. Hij bedacht en ontwikkelde een handige beker om uit te eten en probeert nu zijn 'Riser' succesvol in de markt te zetten.

Fryslân DOK: 'Beklimmers van het vlakke land' deel 6: Go North, young man!

Zaterdag 10 april, 15.30 uur, NPO2 (herhaling 11 april 13.10 uur)

Zondag 11 april, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling ieder uur)

*Fryslân DOK wordt Nederlands ondertiteld*

---

### Noot voor de redactie

Bronvermelding afbeeldingen: Omrop Fryslân

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Publiek van Omrop Fryslân: 058 299 7876.